

Ferslach fan de mienskiplike jûn fan de krite Utert en Seist fan 14 febrewaris 2015.

Selskip: Fjoer.

Foarstelling: De Tiid foarby.

‘Fjoer’ is de earste toanielploech dy’t Rabbit Hole yn it Frysk spilet. It docht dat sa leauweardich en mei safolle oerjefte dat it jin op tal fan mominten wier oangrypt.

De reade tried yn it stik is de dea fan Sammy, in jonkje fan 8 jier. Neat dat in minske sa djip rekket, neat dat it finen fan treast sa dreech makket.

Trije susters Schuil, wenjend yn resp. Houten, Nijmegen, Leimuiden, hawwe alle war dien om mei elkoar nei de Fryske ferzje fan it toanielstik, en dat hat harren skoan foldien.

Lês it ferslach dat Houkje Schuil út Leimuiden ús mailde.

“Ofrûne sneon wie ik mei myn twa susters oanwêzich by it toanielstik ‘De Tiid Foarby’, de Fryske útfiering fan ‘De Tijd voorbij,’ dat ik ferline jier yn Amsterdam sjoen haw.

Ik wie doe al ûnder de yndruk fan de ynhâld fan it stik en de oerjefte dêr’t it gehiel mei útfierd waard. Mar wat ik sneontejûn belibbe die perfoarst net ûnder foar de Nederlânske ferzje. Alle akteurs setten de rol mei sa’n krêft en emoasje del, en wisten dêrtroch oant de ein fan it stik de oandacht fan de seal fêst te hâlden. In better komplimint koenen se net krije!

In ekstra komplimint fertsjinje de neikommende froulju: Afke Toren foar de rezjy en Baukje Stavinga foar de oersetting. Hiel knap dien.

In wurd fan tank oan elkenien dy’t oan dizze slagge jûn in bydrage levere hat.

Tige betanke, ek út namme fan myn susters.”

Houkje Schuil